


De Twirre



juny 2025



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 42e jiergong nr. 2: juny 2025. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 oktober by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter (a.i.)	Hendrik Tel	till.	0546 - 840 484
	hendrik.tel@t-online.de		
Skriuwer	Janroel Salomons, Parijsstraat 79 7559 KP Hengelo		
	x@8379.nl		
Ponghâlder	Pier Bergsma		0546 - 57 57 30
	pu.bergsma1944@gmail.com		
Leden	Grieteke van der Veer		074 - 291 8564
	gpvdveer@gmail.com		06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus		074 - 242 7217
	grijshengelo@gmail.com		
Redaksje Twirre	Jelle van der Meulen		
	jellevdm@t-online.de		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 25 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 40 Euro. Rekken-nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Hiel positief nijs!!

Foar ús hûs komme in soad skoalbern foarby op 'e fyts. En dêr is eat hiel bysonders mei. Eat wat ik earder, doe't ik sa âld wie, nea die. Hja helpe mekoar mei 't fytsen, de ien lûkt de oare. Fannemoarn seach ik sels in jonge en oan syn beide skouders hong in fanke. Sa skuorde hy twa famkes mei, tsjin 'e wyn yn. Wat in sterke jonge!! As ik dit sa by ús foar de ruten barren sjoch, dan tink ik: jonge minsken binne no folle leaver foar mekoar as doe 't ik jong wie. In hiel fijne ûntwikkeling! □ Siebe H. Hiemstra

Belangrike data

23 septimber Reiske mei de bus nei Aalten en Bredevoort. Start om 10.00 oere by Van der Valk yn Hengelo.

30 oktober Fryske middei. Wijkcentrum De Hengelose Es, Uitslagsweg 47 te Hengelo. Begjint 14.00 oere.

heal novimber Folgjende Twirre komt yn 'e rin fan novimber.

Op nei de simmer

Wy winskje alle leden in moaie simmer en wy hoopje jim fan't hjerst wer te sjen by ien fan ús aktiviteiten. Wat it waar bringe sil, witte wy op dit stuit noch net, mar der sil grif foar elkenien wol in pear geskikte dagen by sitte. Want de ien wol graach sinne en waarmte, de silers hâlde fan wyn en de boeren kin faak wol wat reinwetter brûke.

Nei de ekstra ledegearkomste fan begjin april hat de krite wer in foltallich bestjoer en dat hat al dwaande west mei it programma foar de moannen nei de simmer. Dêrby ûnderstipe troch in pear kommisjes dy't helpe by de organisaasje fan it ien en oar. Jo kinne der oer lêze yn dizze Twirre. Op 23 septimber hawwe wy in busreiske en op 30 oktober in gesellige Fryske middei. Oan't sjen!

□ It bestjoer

Simmermiddei (Atze Bosch)

*Troch it doarsgat yn 'e skuorre
brekt de sinne 't skaad midstwa.
't Farske hea rikt yn 'e golle
oan 'e hoannebalken ta.*

*Op 'e skuorrereed in haaiwein
mei de bynpeal en it tou.
'k Sjoch de sile oan it tiksel.
Miggen gûnzje slou en drou.*

*Yn 'e skimerige skuorre
dreamt in sweltsje yn swartwyt;*

*boppe út 'e hoannebalken
hear 'k syn slûgjend: "Wyt-e-pyt."*

*'k Sjoch in blauwe drinkenspûle,
'k snúf de rook fan nijwûn hea.
As 'k my hjir ris noflik deljoech...,
smûker plakje fûn ik nea!*

*Dan ynienen, as de wjerlocht,
snjit de swel de skuorre út...*

*'k Sjoch him skimkjen, happen,
'k haw op slach myn sliepke út!*

Ferslach fan de ekstra ledegearkomste fan 3 april

Op tongersdei 3 april hienen wy yn Hengelo in ekstra ledegearkomste. Us âld-foarsitter Siebe Hiemstra iepene de gearkomste mei in gedicht, liet ús it Frysk folksliet sjonge en joech al rille gau de hammer oer oan de nije foarsitter Hendrik Tel. Doe waard der praat oer de plannen dy't de kommisje 18-1 op tafel lein hie en de gearkomste koe it wol iens wurde oer de foarstellen. Hjirûnder in gearfetting fan Eeke.

Nei it skoft in gesellige kwis oer Fryslân en de Fryske taal. □

Feroarings nei de ekstra ledegearkomste fan 3 april

It komplette ferslach fan dizze ledegearkomste komt fansels op tafel by de earstfolgjende ledegearkomste begjin 2026. No wol even oer dat wat der dit jier al feroarje sil.

De bestjoersgearstalling: Hendrik Tel en Janroel Salomons binne mei algemiene stemmen keazen ta bestjoerslid; Siebe Hiemstra en Auke Hoekstra binne útwiwd. En Ali Bonhof waard betanke foar har wurk foar de Twirre.

De Twirre sil tenei noch mar 3 kear yn't jier ferskine. As der tuskentroch nijs is, dat net wachtsje kin oan it ferskinen fan in folgjende Twirre, dan wurdt dat fia e-mail of brief ferspraat. Wies Salomons sil derta de e-mail adressen by de tiid meitsje.

De kontribúsje giet takommend jier mei 5 euro per adres omheech. It sealtsje yn it wykstrum De Hengelose Es is nochal wat goedkeaper as it boarterstúngebou yn Enschede, dus tenei gean we

meastentiids nei Hengelo. We sille de kritegearkomsten sa folle mogleik op middeis hâlde en foar in grut part sels ynfulle, dus sûnder in selsskip út Fryslân, wat fansels in omslach is en wenne moat, mar miskyn ek bêst aardich is en jild besparret.

De Kommisje 18-1 is no opheven. Der binne nije kommissjes foar yn't plak kommen om it útfierende wurk fan it bestjoer lichter te meitsjen (sjoch it ferslach fan Kommisje 18-1 yn de foarige Twirre). De beminsking derfan is op de gearkomste oanfuld: Marten Winkel wol him wol ynsette foar it reiske en de ponghâlder ûndersteune; Grietsje Postumus slút har oan by it organisearjen fan de krite-middeis.

Fjouwer minsken woenen wol helpe mei kopij foar de Twirre.

No, yn dizze Twirre fine jo al de earste oansetten ta de ferskillende aktiviteiten. □ Eeke

Kritereiske op tiisdei 23 septimber

Ynformaasje oangeande it reiske nei Aalten en Bredevoort. Datum tiisdei 23 septimber 2025. Fertrek om moarns 10.00 oere by Van der Valk yn Hengelo.

De Fryske Krite Twente wol jimme ek dit jier in reiske oanbiede. Op de lêste ledengearkomste wie der wol animo foar. It giet der benammen om in moaie dei mei-inoar te belibjen. It hoecht net perfoarst fier fuort te wêzen. Wy hawwe no wat fûn yn de Achterhoek en wol it Underdûkersmuseum yn Aalten. It museum moat hiel ynteressant wêze. Fierder leit it âlde festingstedsje Bredevoort yn dy buert, in lyts âld stedsje mar tige de muoite wurdich om te besjen. By genôch oanmeldingen geane wy op tiisdei 23 septimber op reis. De bus fan Richters Reisen is al reserrearre. Dus meld jo sa gau mooglik oan, ek net-leden binne fan herte wolkom.

It is no 80 jier lyn dat de Twadde Wrâldoarloch ta in ein kaam. In moai momint om dêr no oer nei te tinken. Yn it museum yn Aalten krije wy in rûnlieding, troch gidsen dy't op in tige oanskoulike wize oer dy drege tiid fertelle sille. De rûnlieding sil sa'n oardel oere duorje. It museum is ek foar rollaters goed tagonklik. Nei dit ynteressante diel geane wy nei Bredevoort foar in lunch. Wy

hawwe dêr in moaie lokaasje fûn, nammentlik it Grachthuis. Wy sille dêrnei in wanneling troch Bredevoort, de boekenstêd, meitsje. Ek hjir is wer in rûnlieding mei in gids mooglik.

Wy wolle om 10.00 oere fertrekke fan Hotel van der Valk. Wy tinke dat wy tsjin 18.00 oere werom binne. De kosten sille sa'n 60 euro wêze. Dêrmei is dan alles betelle; sawol yntree, kofje, lunch, gids en de buskosten. Wa't in Museumkaart of de Vriendenloterij VIP-kaart hat, kin 7,50 yn mindering bringe. Oanmelde, ek al is it ûnder foarbehâld, graach sa gau mooglik dit yn ferbân mei de busbestelling. Oanmelde by Grieteke van der Veer fia WhatsApp, 06 5199 0919 of fia e-mail: gpvdveer@gmail.com

Taalles

Jan en Klaske sille in bern adoptearje, in jonkje út Korea. De lytse is noch mar in heal jier. Jan en Klaske jowe har alfêst op foar in taalles Koreaans. "Ja, wy moatte him al ferstean kinne as er skylk begjint te praten."

De oare mooglikheid

Fokke kin der ek sa nuver bykomme. Hy hat in keal fan in hûn yn in gazen loop efterhûs, dat in oar der mar gjin lêst fan ha sil. Gjinn mins dy't dêr wat fan sizze kin. Noch net moaiernôch fansels. Fokke makke in weintsje op twa fytstsjillen. Dêr sloech er dy hûn foar. Fokke skikte yn it kärke. Sa gyng it de dyk út. En rinne dy hûn! As it spoar man. It meunster hie der gjin wurk fan. Fokke prinshearlik op dat weintsje. As in oerwinder, net oars. De bannen gûlden oer de dyk. Fokke sei dat Nero der gjin wurk fan hie. It bist boarte mei dat weintsje.

“In útkomst man, gjin stjonkende reek, gjin gerattel. Dat weintsje rydt fansels. Gjinn fytser dy't ús byhâlde kin. Dit is in ûnnoemlik stik better as dy skriklike brommers.”

Ja, ja, Fokke koe noch mear sizze. Wol preses en foargoed ek. Hy mocht dy gruthûn net heal foar dat weintsje slaan. Wêr soe dat hinne? Nero sit no wer efter it gaas. It seaske stiet rintleas efterhûs. De boete komt noch.

□ Paulus Akkerman út: Wat wie't wat

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Bears (de wurden wiene: baarch, eidzje, autowei, rûgelje, sjippe). No noch mar ris sa'n soart puzel. Dus meitsje fan elk groepke letters in Frysk wurd; de earste letters foarmje dan fan boppe nei ûnderen in bistenamme, werby it der net ta docht oft it ien is of dat it mear binne.

□ Eeke

e i u k r r s w

e d j k l

e e i i b d r

a a e e k k m r t

a e o d l p t



Hûs fan stilte

Dit is it gedicht dat ús âld-foarsitter Siebe Hiemstra op de ledefergadering fan 3 april foarlêzen hat. Net allinne de tekst mar ek in foto fan it hûs yn Parregea dêr't it gedicht op de gevel stiet.

Hûs fan stilte (Tsjits Peanstra, 1924-2014)

*Lit ús in hûs fan stilte bouwe
mei muorren fan leafde
en in dak fan frede
mei keamers fol blydskip
en in tún
in tún
mei wat ljocht
en wat skaad
mei wat sjongende fûgels
en in slûgjende kat op it paad.*

*Lit ús in hûs fan leafde bouwe
mei muorren fan begryp
en in dak fan fertrouwen
en in hiem om te sintsjen
en keamers,
keamers
om yn te ferdwinen
elkoarren te sykjen
elkoarren te finen.
Lit ús in hûs fan stilte bouwe.*



De leden fan it nije bestjoer

Hendrik Tel wurdt foarsitter. Pier Bergsma bliuwt ús ponghâlder. Janroel Salomons wurdt skriuwer. Grieteke van der Veer en Grietsje Posthumus bliuwe oan as lid.



Op de foto: Janroel, Pier, Grietsje, Hendrik, Grieteke

In de kunde mei Hendrik Tel

De measten sille my kenne, mar ik wol my toch efkes foarstelle. Ik bin geboren yn Aldhoarne, gemeente Hearrenfean yn 1941. Troud yn 1965 mei Tjesje Wagenaar, wy hawwe fjouwer bern, trije famkes en in jonge. Tsien pakesizzers en no ien oerpakesizzer. Wy wenje yn Gildehaus (D) en myn berop ist no rêstend boer. Foartyds wiene wy boer yn de heuvels fan Tecklenburg, moai, mar it buorkjen wie muoisum. Yn 2001 kamen wy nei Gildehaus te wenjen en hearden wy fan it bestean fan de Fryske krite. We binne lid wurden en hawwe der noait spyt fan hân. Nei in pear jier wurde ik fan Dictus van der Woude frege bestjoerslid te wurden. Dat haw ik doe tasein en dat haw ik 13 jier dien, tegearre mei myn frou. Hja is myn hulp en toeverlaat, ús belangrykste ynbring wiene wol de reiskes. No docht Grieteke van der Veer dat, mar wy tinke hieltyd noch mei. It wie net de bedoeling dat ik nochris de foarsittershamer oernimme soe, mar it is sa bard. Mei sawat 130 leden is it net nedich op te hâlden mei de krite. Mar as gjinien it foartou in de handen nimme wol, is dat muoilik. Wy

hawwe thús tegearre oerlein en besletten ús erfaring noch in tydlang yn te bringen. Ik fiel my noch goed fit, mar ris sjen hoe lang it noch giet. It bestjoer is no wer kompleet en as we it wurk goed ferdiele, moat it wol slagje tinkt my.

□ Hendrik Tel

Wa is Janroel Salomons

Berne yn Drinte bin ik fia Hollânske Signaal Apparaten yn Hengelo bedarre. Ik bin troud mei Wies. Troch har binne wy lid wurden fan de Fryske Kryte. Us lidmaatskip gie yn yn it jier 2000. Sûnt dy tiid binne wy regelmjittige besikers fan de eveneminten fan ús feriening. Ien fan 'e grutte gearkomsten wie yn de Waarbeek, dêr't Riens Gratema optreden hat. Sels myn Fryske skoanâlden kamen derfoar oer.

Koartlyn bin ik diel wurden fan it bestjoer, yn de rol fan sekretaris. Al bin ik net machtich yn 'e Fryske taal, tink ik dochs in rol spylje te kinnen yn it bestjoer.

□ (oersetting yn it Frysk is dien troch Copilot fan Microsoft)

Boppe de bank

Op Omrop Fryslân hawwe se Hea mei de fraach “Wat hinget der by jo boppe de bank?” Yn de Twirre no de rubryk “Wat hinget der út Fryslân by jo oan de muorre?” Hjir in foto fan wat der by ús hinget. Wa folget?

□ Jurjen Kootstra



Fryske middei op tongersdei 30 oktober '25

Utnûging foar de FFK-gearkomste op tongersdei 30 oktober 2025 om middeis 2 oere yn it Wijkcentrum De Hengelose Es, Uitslagsweg 47 te Hengelo. In gesellige Fryske middei mei de noadige ferdivedaasje.

Dierbere foarwerpen

Sa as besluten is op de ledegearkomste fan april, sille we in middei hâlde dy't de leden sels ynfulle. De Kommisje K en G, besteande út Grietsje, Janroel en Eeke, sil derta in oanset jaan en hat it folgende foar 30 oktober betocht: Elk nimt ien, of leafst twa foarwerpen mei út syn/har jonge jierren. Dingen dy't ek by alle lettere ferhuzingen meigien binne en wer't in lyts of wat grutter ferhaal oan fêst sit. It hoecht seker net om stikje djoer antyk of erfstik te gean. As jo dan op dizze middei ús seal fan it wyksintrum yn komme, dan lizze we dy foarwerpen byinoar op ien grutte tafel. Wat moat dat dan al in moaie yndruk jaan fan de Fryske kultuer yn de earste 20 jier nei de oarloch! Ek is der wer in boekehoeke: hjir kinne jo Fryske boeken en tydskriften dy't jo oer ha, dellizze en ek fergees wat útsykje fan wat oaren der del lein ha.

It ferrin fan de middei is dan: Jo jitte jesels kofje of tee yn by de kofjetafel; der stiet ek in buske foar jo bydrage yn de kosten derfan. We gean dan sitten yn groepkes fan 5 of 6 minsken. Nei de iepening mei

wat sjongerij hellet elkien ien fan syn foarwerpen op en fertelt yn syn groepke it ferhaal derby en de oaren heakje fansels derop yn.

We hâlde dan skoft, weryn we in frisdrankje by de bar ophelje kinne. Nei it skoft dogge we nochris sa'n show- en fertelronde mei it twadde foarwerp dat we meinommen ha. En ôfhinklik fan de tiid dy't dit alles yn beslach nimt, dogge we ek noch in taal-aardichheidsje. Oan de ein fan de middei is der gelegenheid om de kommisje K en G te fertellen hoe't dizze middei foldien hat en om suggesjes te jaan foar oare soksoartige middeis. We sjogge út nei jo komst! Op de foto hjirby: it houten naaibakje, dat Eeke fan Sinteklaas krige sa'n goed 70 jier lyn.

□ De kommisje K en G



Data skûtsjesilen 2025

Skûtsjes SKS

26 juli - Grou
28 juli - De Feanhoop
29 juli - Earnewâld
30 juli - Terherne
31 juli - Langwar
2 aug. - Starum
4 aug. - Wâldsein
5 aug. - Ealahuzen
6 aug. - De Lemmer I
7 aug. - De Lemmer II
8 aug. - Snits (finale)

De skûtsjes fan de IFKS

9 aug. - Hylpen.
10 aug. - Starum.
11 aug. - Heech.
12 aug. - Sleat.
13 aug. - rêstdei
14 aug. - Ychtenbrêge.
15 aug. - De Lemmer.
16 aug. - De Lemmer (finale)

Marica en Chepe yn Japan

Sûnt april 2024 op 'e fyts ûnderweis fanút Warkum. Op 23 juni stie de teller op 24.905 km. Ein febrewaris fertrokken se út Singapore nei Maleisië, Borneo, Brunei, de Filipijnen, Taiwan nei Japan. Hjirnei wolle se oerstekke nei Súd-Amearika en dan takom maaitiid wer op nei hûs.



“Daniëlle lêst wolris wat”

NACHT

Myn dashboerdklokje seit dat ik hjir hast in oere stean. It wurd stadichoan kâlder yn’e auto, dus ik set de motor eefkes oan; dy is noch waarm genôch om de kjeld te ferdriuwen. It is stil dizze nacht, twa ritsjes oant no ta. Minsken geane yn it begjin fan de wike net op stap en hjir op it stasjon komme hast gjin reizgers oan. As der in pear de stasjonshal útrûgelje, rinne se hastich nei de fytsestalling en litte de taksys foar wat se binne, wurkleas. Dizze oeren hie ik oan myn skripsje wurkje kinnen, mar ja, dit bybaantsje as sjauffeur smyt wol wat op.

Ik skrik suver as de telefoan giet. De sintrale jout in adres troch. Ik betankje en sis dat ik it begrepen haw. Troch de útstoarne, healtsjustere strjitten yn it sintrum stjoer ik de Mercedes nei it Tsjerkeplein, kafee de Posthoorn. Ik set de wein stil en stap troch de iepensteande doar de kroech yn. Muzyk fan Fleetwood Mac komt my temjitte, it is hjir skimerich en frijwat leech. Ik rop: “Taksy!” Fan efter de taap winkt de barman. Twa figueren komme efter in taffeltsje wei oerein.

“Och heden, moast ris sjen, se wurde ek hieltyd jonger,” seit in blond frommes dat op my ôfrint.

Op ús lêste gearkomste bea Daniëlle Schreuders oan in nije rubryk foar yn De Twirre te fersoargjen mei as titel “Daniëlle lêst wolris wat”. Hjir de earste bydrage. Boarnefermelding fan dit ferhaaltsje: *De Moanne*, jiergong 24, nr.1, maart 2025.

“Komste foar ûs, pukky? Wit jim mem wol datst hjir bist?” Yn it skiere ljocht sjoch ik dat it twa kreaaze froulju binne, midtritigers sa te sjen, swier opmakke en mei strakke rokjes en koarte jakjes oan. In blond en in Karibysk type.

“Hasto wat drokte, pukky? Wy ha noch neat meimakke hjoed.” De blonde stekt har earm ûnder myn earmsholte en lûkt my troch de doar út nei bûten. Ik fiел har waarmte en rûk har parfum. “Ik bin Dora en sy hjit fan Trudy. Kom mar jonkje, wy geane efkes op reis ”

Bûten doch ik de portieren foar har iepen en sjoch de dekolletees en bilien. “Wat is dit moaie fintsje galant, net?” seit de brune tsjin de blonde. As ik hymjend wer efter it stjoer sit, freegje ik wêr’t de dames hinne wolle. “De Brêgestrijtte,” seit de blonde, dy’t neist my sitten gien is. No ja, de Brêgestrijtte is krekt trijehundert meter fierder, dochs wurdt der in taksy bel! Hja sille grif net rinne kinne

mei dy strakke rokjes en dy hege hakken. Ik lûk stadich op en fiel fuort in hân op myn knibbel. Efter my hear ik gibeljen, en der wurdt, hiel noflik, yn myn nekke kribele. It swit brekt my út, mar ik besykje cool te bliuwen. Fiif minuten letter steane wy foar it opjûne adres. Is dit harren wenplak? Ik skrabje myn kiel: “Sân-tweintig, asjebleaft,” en ik set de taxameter út. De hân op myn skonk is yntusken opskood nei in ferstoppe autonoom reagearjend lichemsdiel. “Wy hawwe hjoed neat ferstjinne pukky, mar wy hawwe jild yn ’e hûs. Dus asto eefkes mei der yn komst, sille we dy betelje.” Fan de efterbank ôf wurdt ik nochris oer myn holle strutsen.

Goaien, wat stiet my no te wachtsjen? Myn protest is slop en oertsjûget mysels ek net en dus toffelle ik mar efter harren oan.

Kallypigysk, is it wurdt dat yn my opkomt as ik de konten fan de dames foar my oer de drompel dûnjen sjoch.

It is in lyts healoeke letter as se my der wer útsette. Reinfleagen sweve dizzenich ûnder it ljocht fan in lantearnepeal fierderop. Ik bliuw noch efkes in pear minuten njonken myn taksy stean om ôf te kuoljen en stoarje nei de nachtlke himel. Dan stap ik wer efter it stjoer. De wurden fan de froulju wjerklinke noch yn myn holle:

“... *in aardich fergees ritsje* ...”

□ Skriuwer: Tjeerd Schumacher

Túnhúske(s)

In pear jier lyn woe ien fan de bruorren eins wol in skuorke yn ’e tún. In syktocht waard begûn en it resultaat wie in prachtich túnhús mei glêzen doarren dy’t by moai waar iepen stiene. It gehiel waard levere troch in bedriuw út Drachten. It waard in plak foar de âlden en harren bern, dy’t der mei harren freonen in protte oeren trochbrochten.

In pear jier letter krige in oare broer mear tiid. Ek hy begûn oan syn ûndersyk en kaam út by itselde bedriuw yn Drachten. Dat it bûten de provinsje Fryslân delset wurde moast, wie prima. En in skoftke letter stie húske nûmer twa yn ’e tún.

Syn suster wie op in letter momint in plan foar de renovaasje fan har tún oan it meitsjen. Ach, dêr past in túnhús ek wol hiel aardich yn. En ek dit túnhús waard úteinlik pleatst bûten de provinsje Fryslân. Ek wer troch deselde firma. Dit jier gie suster nûmer twa ferhúzjen. Jo riede it al. It fjirde túnhús waard troch deselde Fryske leveransier pleatst. □ Janroel Salomons

Nijs út Fryslân

Arcadia. Op 17 maaie is Arcadia útein setten. Dizze kultuermanifestaasje wurdt om de trije jier organisearre. Yn 2022 stie it Kuierjende Bosk sintraal. Dit kear is “Bouwurk” op it Aldehouster tsjerkhôf *highlight*. Under de Aldehou is it bouwurk delset, nei it idee fan in katedraal dy’t hjir 500 jier lyn stien hat. Op it glêswurk komme tekeningen fan Fryske skoalbern, dy’t in soarte fan glêsyn-lead effekt jaan moatte, dat benammen jûns in moai effekt jaan sil. It moat de grutste lûker wurde fan Arcadia. Hûndert dagen lang is der fan alles te rêden op it mêd fan keunst en kultuer. Mar ek op oare plakken yn Fryslân.

Start mei it tema Grûn. Skûtsjes, preammen en jollen út alle hoeken fan de provinsje kamen op 17 maaie mei grûn nei de Prinsetún en it Aldehouster tsjerkhôf yn Ljouwert. Op ferskate plakken ha bern grûn yn jute sekken sammele foar it projekt “De grûn beweecht” fan Arcadia. Der is net samar keazen foar grûn. De grûn hat in protte betsjuttingen, de grûn is ús bestean. Hast grûn dyst sjochst, mar der binne ek djippere lagen; wêr komt wei? Mei dûnsjende graafmasinen en grûnmeunsters bestudearje ûnder de mikroskoop, is Arcadia op 17 maaie begûn.

Alvestêdetochten. It seizoen fan de Alvestêdetochten is wer fan start. De 200 km kinst op ferskate wizen ôflizze. Ferneamd is de fyts- en motortocht op twadde Pinksterdei. Dizze begjint en einiget yn Boalsert en foarmet in soarte fan acht fanút dy stêd. Der binne noch mear as tsien oare foarmen fan de alvestêdetocht. Je kinne de tocht ek roeiend ôflizze of rinrend (meardere dagen), suppend, op de step, de solex of mei in oldtimer.

Ketlik 500. Frijwilligers bin al in skoft dwaande mei it feestlik programma foar it fieren fan 500 jier Ketlik. It doarpke by Hearrenfean hat mar 550 ynwenners, mar it stiet bekend om de mienskip yn it doarp, de skiednis en de prachtige natuer yn de omkriten. Der komt in toanielstik, in kuiertocht mei ynformaasjebuordsjes en in fytstocht. Yn de 500 jier âlde Thomastsjerke komt in tentoanstelling fan ferskate keunstners, der is in eigen flagge betocht en fan ’t hjerst komt der in boek mei ferhalen út de skiednis fan it doarp. Op it krúspunt stiet in byld fan *De Raaptepper*, dat ferwiist nei de bynamme fan de Ketlikers. In raaptepper hellet de rapen út de grûn. De Thomastsjerke hat gjin toer, mar der stiet in klokkestoel neist, dy wurdt yn desimber brûkt by it St.Thomaslieden. □

Resept

Salade fan boereskinke (ham) mei wytlof, appel en huningdressing

300 gram skinke (ham); 2 appels; 4 stronken wytlof; Foar de dressing: 2 ytleppels huning (fan de ymker); 1 dl jittik; 1/2 sipel yn fine stikjes.

Basisdressing foar slaad

2dl oliïfoalje; 1/2 dl jittik; 1/2 sipel; 1/2 appel; 1/2 boskje piterseelje; 2 ytleppels poeiersûker; 1/2 boskje fynsnien bizelok.

Doch alle yngrediïnten yn in kom, behalve de bizelok, en draai alles fyn mei de staafmikser. Seevje de dressing, doch de bizelok dertroch en bewarje yn fleskes yn de koelkast. It kin wol fjirtjin dagen goed bliuwe.

Huningdressing foar de skinke. Ferwaarmje de huning yn in lytse panne, doch de jittik en sipel derby. Net siede litte, mar waarm meitsje oant de huning hielendal oplost is. Bytsje sâlt en piper om it lekker te meitsjen.

De salade

De skinke yn stikjes snije. Skyl de appel en snij yn reepkes. Snij de wytlof dwerstroch en helje de bittere pit derút. Snij de wytlof yn 'e lingte yn reepkes. Doch de slaaddressing op de appel mei wytlof en ming it foarsichtich trochelkoar. Lis de skinke op de salade. Besprinkelje mei de huningdressing.

□ Ut: "Lekker ite mei Reitse"

Tiden hawwe tiden

Wa't as bern de âlderwetske ûngetiid noch meimakke hat, sil dat noait ferjitte. Op dizze foto (om 1960 hinne) wie it al wat modern: in trekker foar de wein en it hea yn pakjes dy't te tillen wiene.



Boekenijis

Skuldich, Jennifer de Vries. Dipika wennet op it plattelân fan Tamie Nadu, Súd-India yn in lyts nochal efterôflizzend doarp, mei har mem, beppe, broers en suske. Har namme betsjut ljocht, mar har libben is sa tsjuster as de nacht. Al fanôf har 15e jier wurket se yn de klean-yndustry. Se ferstjinnet har jild yn in fabryk dêr't klean makke wurdt foar de eksport nei Europa. *Priis: 9,95.*

Moard yn 'e hite hei, Meindert Bylsma. Speurdersroman. Resjersjeurs Liuwe Bekkema en Lukas Roosjen, op it buro 'De Blomkes' neamd, krije in melding. Wiggele Kingma is ôfrûne nacht net thús kommen. Dat bart wol faker, mar dizze kear fine se in opdroege plas-se bloed yn it hok. En dan blykt dat der hiel wat minsken binne dy't dizze boer net meie. Yn de syktocht nei de wierheid komme der mear liken út de kast. *Priis: 16,50.*

De Parallaks, Janneke Spoelstra. Yn de Parallaks dy't in simmer-healjier tusken Ljouwert en It Amelân beslacht, komme trije froulike haadpersoanen oan it wurd: Famk, dy't tritich wurdt, Lokke dy't fyftich en Wyb dy't santich wurdt. De libbens fan de froulju rinne soms mei-inoar op, mar úteinlik folgje se alle trije har eigen wei. *Priis: 19,50.*

Mem falt út, Pia van Hees. In oangripend ferhaal oer mem en dochter dy't wrakselje mei it slimmer wurden fan de dementsy fan de mem. *Priis: 17,50.*

Zandstra, historie achter het merk, Willeke Jeeninga en Laura Jonkhoff. Oer it Snitser famyljebediuw Zandstra; in seilmakkerij, touslagerij, sadelmakkerij en fabryk fan redens. Sân generaasjes Zandstra wurde beskreaun fanôf de oprjochting yn 1825. Mei unike foto's en illustraasjes út it famylje-archyf. *Priis: 18,25.* □ Ali

Frisismen (Oernommen út "Mijn vrouw is uitgenaaid")

"Valt hier nog wat te redden?" - Is hier nog wat te beleven?

"Hij heeft altijd afgewaaid praat." - Hij heeft altijd onbeduidende praatjes.

"Hij leunt op zijn armtakken." - Hij leunt op zijn ellebogen.

"Vindt u het slim als ik weer ga?" - Vindt u het erg als ik weer ga?

"Het is geen spruit koud." - Het is helemaal niet koud.

"Ik heb schoon mijn nacht." - Ik heb er schoon genoeg van.

Rottige Meente

Troch minskehanen is oan de westkant fan Wolvegea in prachtich natuergebiet ûntstien. Turfwinning yn de 19e en 20e iuw levere hjir in útstrekt gebiet op mei langwerpige stroken wetter en lân, petgatten en ekers, wer't de turf op droege waard. In grillich ribbepatroan fan earder graafwurk, trochsnien troch de N351, de Peter Stuyvesantwei. De dyk is neamd nei de ferneamde Stellingwerwer,

dy't gûverneur waard fan Nieuw-Amsterdam yn Amearika. It is ien en al wylde fegetaasje, wer 't de natuer sereen syn gong giet. Otter en fjoerflinter binne dêr de stjerren, neist tal fan oare bistesoarten. Yn de buert van Nijetrine is in parkearplak, it begjin fan kuierpaden útset troch Staatsbosbeheer. Kuierders komme yn it spoar fan de eardere feanwurkers - dat typyske ûnderskie tusken moderne natuerûntspanning en it eardere lânwurk. It is fier fuort fan de drokte. It hat autentike suverens. Dêr is gjin kultuer omhinne ûntstien fan attraksje of horeka. Dat mei wol sa bliuwe. By de yngong leit in stien mei in gedicht, fansels yn it Stellingwerfs.

□ Oerset út: Friesland fan Jeroen Welaert

Geheim

*Dit is it laand waar de tied
weerspiegelt in it waoter,
de wiend een verhael vertelt.
Om de oolde tenten roest
as vleermoezen in twiedonker
cirkels vliegen door de locht.
Luuster naor de woorden en
ontdek staorigan it geheim*

Oer in wikel

*In wikel dy't oer Fryslân fleach
en op in boerd syn namme seach
wie dêrtroch daliks slim oerstjoer;
hy fleach fuort nei syn âldste broer,
koe kwalik út syn wurden komme
en stamm're: 'Moatst ris harkje Homme!
Wa hie dit tocht? Wa hie dit dreamd?
Se ha in doarpke nei ús neamd!'*

H.J. Kleefstra út: De bisteboel fan Hoatse



Witte jo dat

- Der alderaardichste wurden yn it Frysk besteane? “Sa no en dan sitst in wurd te sykjen yn it Fryske wurdboek en dan komst wer in moai wurd tsjin. *Neigesetsje*. Ik fyn it in moai wurd,” skreau Jurjen Kootstra.
- Neigesetsje yn it Nedderlânsk “toetje” is?
- De PC op woansdei 30 july is? De keatspartij begjint as alle jierren om healwei tsienen op it Sjûkelân yn Frjentsjer, 16 partueren dogge mei.
- Guon fuotbalklups op hiel ienfâldige wize har akkomodaasjes hawwe? Lykas Stormvogels '64 út Achlum dy't in wenhûs yn de Tanjabuert hawwe as klaaikeamers en kantine.
- Wies Salomons al drok oan't beljen west hat om ús leden te freegjen om in e-mail adres? Se hat de measten al oan de tillefoan hân.
- Paul van Vliet yn it lêste oarlochsjierr yn Garyp ûnderbrocht wie? Hy neamde him doe Pauke Vlietstra. De kabaretman is stoarn yn 2023.
- Wy wer in foto efter op dizze Twirre hawwe? Wit Jo wêr't er makke is? De foarige kear in foto fan De Kalkman (Engelsmanplaat). De caravan stie heech op peallen om ek by flood droech te bliuwen.



SUDOKU

Yn de fakjes moatte de sifers 1 oant en mei 9 ynfolle wurde op sa'n wize dat yn elke horizontale line en yn elke fertikale kolom en yn elk fan de njoggen blokjes de sifers 1 oant en mei 9 ien kear foarkomme. Yn guon fakjes binne de sifers al ynfolle.

□ ynstjoerd troch
Jurjen Kootstra

						7		
	2	3	7	6		4		
	7	8	1			6		3
	8			1	4	9		
		6				1		
		5	9	2			8	
2		7			1	3	6	
		4		5	7	2	1	
	1							



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynt de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58

Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09

Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

